

DE GRUTTE STOARM



Echt wier! Op 13 en 14 desimber 1287 raast de St. Luciafloed oer Nederlân. Tsjientallen tûzenen minsken komme om en de Ielmar (Aelmere, dêr't Almere nei ferneamd is) wurdt de Sudersee. Noard Hollân en Fryslân wurde definityf faninoar skieden, de waadeilannen ûntsteane en fan de tolfde stêd fan Fryslân, Grint, is hjoed-de-dei net folle mear as in sânplaat oer.

De hannen fielden stiif oan, der siet gjin gefoel mear yn. It wetter fan de Ielmar wie kâld en de fûken stutsen djip, it hie in grutte put west om se yn te heljen mar de fangst wie net mislik. Samar fjirtich pûn iel rûsde Ysbald, dêr koe er mei thúskomme!

Hy woe stjerrende graach nei hûs want de wyn helle oan. Harns wie al net mear te sjen, ferswolge troch de tsjusterens. Sels yn 'e smoute fan it stedsje Grint, dat midden tusken de marren en de feanmoerassen lei, wie de noardwestewyn krêftich. Ysbald hie aardich doel oer de natuer en hy fernaam oan alles wol dat it mis wie. It boatsje farde troch de poarte, doe lâns it kleaster en de skoalle en doe kaam er by de steger fan it hûske dêr't er mei syn suske Jutte en syn heit wenne. Hy lei de boat fêst en sjoude de tonne mei iel en de fûken de steger op. De stoarmwyn rûsde lâns de hûzen en Ysbald hie suver muoite om syn lykwicht te hâlden. Binnen baarnde de hurd, mar waarm wie it net. Heit lei mei in tekken foar it fjoer en Jutte siet by syn hollenein mei in naaiwurkje. 'Jutte, sammelje wat iten en klean. Wy moatte sjen dat wy hjir weikomme.'

Jutte seach ferheard op. 'Wat bedoelsto?' 'De wyn, Jutte, it is net gewoan. As wy hjir bliuwe komt it net goed.'

'Mar heit is siik, dat wurdt syn deal!' 'As wy hjir bliuwe wurdt it ús deal!' Jutte gie stean, seach Ysbald in tel lang rjocht oan en knikte doe. Alles wat mei moast kaam yn in grutte koer dy't Ysbald yn de boat lade dy't yntusken wyld oan de touwen skuorde. Foarsichtich holpen beide bern harren heit nei de roeiboat. Sûnt mem weirekke wie gie it striemin mei him, krekt of hie er gjin krêft mear foar it libben.

Ysbald roeide as hong syn libben derfan ôf, de stêd wer út. Op it iepen wetter gie it duvelske mâl, hege weagen boarten mei it lytse skipke. Mei krêftige en wisse slaggen naam Ysbald it op tsjin it natuergeweld. Wyld waarden se hinne en wer slingere. Jutte raasde wat mar it bolderjen fan de stoarm oerstimde har, se wiisde mei de finger lâns him en Ysbald draaide de holle. De grutste weach dy't er ea sjoen hie kaam op harren ôf. Mei grou geweld beukte de weach op it boatsje, it hout kreake en de koer mei guod saaide troch de loft. It wie oeral wetter en Ysbald wist net mear wat boppe en ûnder wie. Hy koe net

sykhelje en doe pas besepte er dat er net mear yn 'e boat siet. Wyld sloech er mei de hannen, felle stekken lutsen him troch it boarst en swolgen wetter follen syn luchtpiip. It lêste wat er fielde wie in sterke manljushân dy't him by it hier krige.

Doe't er de eagen iepene wie de stoarm lizzen gien. Heit roeide, de sykte like fuort te wêzen. Jutte siet achtern. Om him hinne wie allinnich mar wetter, ek wêr't earst lân west hie. Dêryn dreaunen minske en bist, libbenleas. 'De see jout en de see nimt,' it wiene de earste wurden fan heit yn wiken tiid.

Wurdlist

Fûken – fuiken (vistuig)
Rûze – schatten
Tsjusterens – duisternis
Smoute – luwte
Iel – paling
Koer – mand
Weagen – golven
Sykhelje – ademhalen

Tekst: Aant Jelle Soepboer

HASTO LÊST fan Taalstress?

Hoe sit it mei dyn taalgedrach? Switchto faak nei in oare taal? Miskien omdatst dy oanpasse wolst oan in oar? Of miskien sels omdatst dy skammest foar dyn eigen taal? Doch de test!


Yn Nederlân is it Nederlânsk de mearderheidstaal. It Frysk is, krekt as it Lietchsk, in minderheidstaal. Net om't dy talen minder binne, mar om't se troch in minderheid fan de befolking sprutsen wurde. Sprekkers fan minderheidstalen skeakelje faak (en meastal ûnbewust) oer nei de mearderheidstaal. Of sterker noch, se begjinne fuort yn de mearderheidstaal te praten as se in nij persoan moetsje. Dat is in universeel fenomeen.

Hoe't dat komt? It hat te meitsjen mei groepsdruk. Minsken wolle graach by de groep hearre. Dat jildt blykber ek foar taal. As dyn taal in minderheidstaal is en dus troch minder minsken sprutsen wurdt, fielt dy der ûnwis by. Om fan dy stress ôf te kommen, skeakelest oer nei de mearderheidstaal.


Dêrtroch wurdt it noch wer minder gewoan om dyn taal te brûken (ek foar oaren). En sa wurde minderheidstalen noch minder sprutsen...

IN FIKTYF FOARBYLD

Yn Seeborgia praat 75% fan de ynwenners Seeborgysk. 25% fan de ynwenners praat Tallisysk. It is regel dat der sagau't der in Tallisiër meidocht oan it gesprek der oerskeakele wurdt nei it Tallisysk. Gefolch dêrfan is dat fan de 11 mooglike gespreksituasjes der mar 4 (36%) yn it Seeborgysk binne en 7 (64%) yn it Tallisysk. Sjoch mar nei de yllustraasje. Watfoar taal soe der neffens bûtenstanders praat wurde yn Seeborgia?



Boarne: De Psychology fan taal. Ynsjoch yn dyn taalgedrach en taalgewoantes. Afûk. Ljouwert 2020. Underdiel fan it Erasmus+-projekt LISTEN.



Wannear SWITCHTO?

Hjirboppe sjochst it 'stop-systeem'. Yn de griene situaasjes is it net direkt nedich om dyn eigen taal farre te litten. Al tinke wy dat soms wol, omdat wy oannimme dat it better is. By oranje soest oerskeakelje kinne, mar ek dan hoecht it net nedich te wêzen: in taal net prate kinne, betsjut net dat ien dy net ferstiet. By read is it wol logysk, want oars wurdt it wol hiel lestich om elkoar te begripen. Besjoch it plaatsje. Wannear skeakelesto oer? Is dat nedich?